

resinsje

In Fryske teology sûnder bloedbannen mei Grutte Pier

Eppie Dam

‘Jim learden ús om te bidden mei de eagen ticht. En doe’t wy se wer iepen dienen, wienen wy ús lân kwyt.’ Koloniaal Afrika hat witten wat it mei minsken dien hat: opskipe wurde mei in kristendom nei Westers model. Dewi Hughes neamde it ‘kulturele kastaasje’, Desmond Tutu seach rûnom ‘religieuze schizofreny’.

Pionier-predikant Hinne Wagenaar hat him jierren dwaande holden mei de saneamde ‘kontekstuele teology’, d.w.s. mei de fraach hoe’t in (wrâld)religy him ferhâlde kin ta de lokale kontekst en rekken hâldt mei kulturele ferskillen. Wagenaar die der net allinnich wiidweidich ûndersyk nei, hy hat der ek in dúdlike miening oer. Sa docht bliken út ‘e delslach fan syn stúdzje, ûnder de titel *Op ús eigen wize* prachtich útjûn troch Bornmeer. Mei reproduksjes fan skilderijen dy’t it hert ferromje.

Hannelingen

Fan ‘e alve haadstikken – allegear kristalhelder skreaun – geane sân oer it bibelboek Hannelingen fan ‘e Apostels, it twadde geskrift fan evangelist Lukas, en lyksa adressearre oan Teófilus (tagelyk: oan elke teofyl). It mei gjin wûnder hite dat krekt dit boek oan ‘e basis stien hat fan ‘e Afrikaanse teology, dy’t ta doel hie om it kristlik leauwen te ferbinen mei de ynlânse kultuer. Eigen taal is dêr in ûnderdiel fan, en dy mei der wêze yn Hannelingen, mei syn beskriuwing fan it meast spraakmeitsjende Pinksterfeest oait. Dat wisten se millennia letter ek by it Kristlik Frysk Selskip. Op it omslach fan it KFS-periodyk ‘Yn ús eigen Tael’ hat fan 1909-1924 in fers út Hannelingen 2 stien: ‘Ho hearre wy hjarren elts yn ús eigen tael, dêr’t wy yn berne binne

forkundigjen Gods greate wirken.’ Wagenaar toant begrip foar dy iensidige fokus op ‘e taal, want it Frysk moast doe syn plak yn tsjerke noch befochtsje, mar it flokt mei syn idee fan kontekstuele teology, namelik dat it gean moat om ‘e totale minske.

Babel

Wagenaars útdjipjen fan passaazjes út Hannelingen is tige de muoite wurdich en kin eins net mist wurde yn syn ferhaal. It nimt net wei dat de trije haadstikken dy’t ‘bûten’ it stramyn falle, de rêchbonke foarmje fan it boek. Alderearst is dêr it útstapke nei Genesis 11, it oerferhaal bekend as ‘de spraakbetizing fan Babel’. Wagenaar bestriidt de opfetting as soe it ferskaat oan talen gefolch west ha fan minsklike sûnde, oars sein: de straf fan God. Sa’t er ek net út ‘e fuotten kin mei it idee dat de tsjerke – om te begjinnen op dat wûnderbaarlike Pinksterfeest – byinoar bringt wat de toer stikken makke hat. Wagenaar wurdearret de spraakbetizing leaver posityf, as in seine fan God. De Allerheechste grypt yn tsjin ienfoarmigens, en dat is in befrijing foar elk dy’t der troch knoeid wurden is: ‘Yn Babel binne de minsken frijmakke fan politike, religieuze en kulturele ûnderdrukking troch nei ierdryks einen ta stjoerd te wurden. Om dêr te libjen yn talich en kultureel ferskaat.’

Op ús eigen wize

Sân ferhalen út it boek Hannelingen oer taal en kultuer

Hinne Wagenaar

Bornmeer; 232 s. € 20,00



In teologys tsjinwurd

Yn it foarlêste haadstik, ‘Hannelingen fan it kristendom’, is Wagenaar mear as kritys oer de manier fan sinding bedriuwen yn foargeande iuwen. Dêr stiet er fansels al lang net mear allinnich yn, al hat er wol konstatare moatten dat guon teologen it letter wer beklouden, as soe it allegear net sa slim west ha. Mei de wurdearring dy’t er ek foar him hat, keart Wagenaar him tsjin Lamin Saneh, dy’t boeken en artikels skreau om oan te toanen dat ‘de identifikaasje fan kristlike missy mei it kolonialisme fierhinne oerdreaun is’. Yn Afrika wie it wurd fan God ommers oerset yn ‘e stameigen talen. Sei dat dan net genôch? Nee, fynt Wagenaar, taal is mar ien faset: ‘It giet ek oer polityk, arsjitektuer, organisaasje, skiednis, keunst, macht, muzyk, religy ensafuorthinne. As in taal oerlibbe hat yn Afrika, wol dat noch net sizze dat in kultuer oerlibbe hat.’ Wagenaar wiist der fyntsjes op dat it kristlike oersetwurk ek en foaral funksjoneel wie foar de missionarissen sels. Allinnich sa koene se it boadskip ferkundigje en minsken bekeare. ‘Yn in soad gefallen dat de minsken in dominante taal machtich wienen,’ sa wit er, ‘hawwe de missionarissen net sa hurd wurke oan it oersetten fan ‘e Bibel yn ‘e lânseigen taal.’ Hy bringt yn ‘t sin dat de folsleine oersetting fan ‘e Bibel yn it Frysk pas yn 1943 syn beslach krige, tolve iuwen nei de yntroduksje fan it kristendom yn ‘e Fryske lannen.

De Fryske kontoeren

‘Om kristen te wurden moasten de Afrikanen Afrikaan-ôf wurde’, skriuwt Wagenaar. Hy leaut net dat it by de kerstening fan ‘e Friezen folle oars west hat. Mar ha se der dan ek sa ûnder lijd as de Afrikanen dy’t sa hertstochtlik ferlangen nei in Afrikaanse teology? Wagenaar wit wol better. ‘As ik de studinten [yn Kamerûn] fertelde dat myn stam de eigen taal nei 1200 jier yn tsjerke noch hast net brûkt, dan kamen se net wer by fan it laitsjen.’ Dat moat sear dien ha. Mar wol wittend hoe slop oft de flagge der yn ús kontreien by hinget, leit er him likegoed ta op it

ûntwikkeljen fan in Fryske teology. De kontoeren dêrfan wurde beskreaun yn it lêste haadstik, noch wer in hichtepunt yn in boek dat dan al lang syn belang bewiisd hat.

Wagenaar is him tige bewust fan ‘e falkûlen dy’t opdûke by syn ûndernimmen om it kristlik leauwen tichter by hûs en hert te bringen. Hy distansjearret him dêrom fan elke romantise ferhearliking fan it ferline, sprekt glêshelder út dat identiteit in eigenmakke konstruksje is en it sykjen nei de Fryske folksaard in heilleas paad. Oft syn eigen adopsjesoannen Frysk binne of net, hinget ‘net ôf fan bloed of DNA’, mar ‘fan ‘e libbenswize en kar dy’t se sels meitsje’. (Dat is oars wat as sykje om bloedbannen mei Grutte Pier.) Op dy sûne basis bout Wagenaar syn Fryske teology, dêr’t de symboalen op ‘e stola dy’t er oait meikrige út Wurdum, de earste sprekke tekens fan binne: it pompeblêdhert (ferwizend nei de leafde fan God de Heit), it alvestêdekrúske (ferwizend nei it krús fan Kristus) en de ljip (mei it fjoer en de hertstocht fan ‘e hillige Geast). Yntusken fiere guon yn Afrika de eucharisty mei maisbôle en palmwyn. ■

Ds. Hinne Wagenaar (1962) studearre yn Grins en New York. Hy wie dûmny foar bûtenlânse studinten yn Nederlân (1990-1997), dosint systematise teology yn Kûmba, Kamerûn (1998-2002) en dûmny fan de Protestantse Gemeente te Wurdum en omkriten (2002-2012). Sûnt 2012 is er as pionier-predikant ferbûn oan it pioniersplak Nijkleaster en de gemeente Westerwert te Jorwert.

Eppie Dam (1953) is dichter en skriuwer.